

FR

BEVAT OOK
HANDLEIDING
IN NEDERLANDS

HANTLIEDING

staverings line

3

WURKBOEK

ij oa
oe en uo
ie ea oai



NAMME:

by staveringsline
WURKBOEK 3

Ynhâldsopjefte Staveringsline

Algemeine hantlieding en ferantwurdig 4

Hantlieding Frysk

• Les 1	ij	6
• Les 2	oa	8
• Les 3	oe en uo	10
• Les 4	ie	13
• Les 5	ea	15
• Les 6	oai	18

Algemene handleiding en verantwoording 21

Handleiding Nederlands

• Les 1	ij	23
• Les 2	oa	25
• Les 3	oe en uo	27
• Les 4	ie	30
• Les 5	ea	32
• Les 6	oai	35

Kolofon

Kreatyf Skriuwen en Staveringsline

Auteurs

Tjitske van Dijk
Gelske Bosch
Jan Douwes
Skelte Anema
Doutsen Jellema

Foarmjouwing

Studio Tink

Korreksje

Ytsje Steen

Mei tank oan

De pilotgroep en it learkrêftepanel

Yllustraasjes

iStock

© 2025 Afûk, Postbus 53, 8900 AB Ljouwert

www.afuk.frl

Audio en oar materiaal op: www.staveringsline.frl



Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige, yn in automatisearre bestân opslein of yn hokker foarm of op hokker wize dan ek iepenbier makke wurde, itsij elektroanysk, meganysk of op hokker oare wize dan ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de útjouwer. Tekst- en datamining fan (parten fan) dizze útjefte is útdruklik net tastien.

All rights are reserved, including those for text and data mining, AI training and similar technologies.

Alle rechten voorbehouden. Niets uit deze uitgave mag worden verveelvoudigd, opgeslagen in een geautomatiseerd bestand, of openbaar gemaakt in enige vorm of op enige wijze, hetzij elektronisch, mechanisch of enige andere manier, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van de uitgever. Tekst- en datamining van (delen van) deze uitgave is uitdrukkelijk niet toegestaan.

Algemiene hantlieding en ferantwurdig

Fyzje

It oanlearen fan staveringsregels is net in doel op himsels. Goed staverje kinne is ien fan de feardichheden dy't helpe kinne by it skriuwen fan (goede) teksten. De staveringsregels kenne, stiet net gelyk oan in goede tekst skriuwe kinne. It úteinlike doel is om kwalitatyf goede Fryske teksten skriuwe te kinnen. Dêrom is der keazen foar in boekje mei oan de iene kant Skriuwlessen (it doel) en oan de oare kant de Staveringslessen (de teory, de feardichheid).

Opbou

De skriuwlessen binne opboud neffens in stappeplan. Dat stappeplan jout hâldfêst om ta it úteinlike produkt te kommen. Stap ien bestiet út it sammeljen en opskriuwen fan de gedachten. Yn stap twa wurdt in kar makke út alles wat opskreaun is by de earste stap en yn de tredde stap wurdt it úteinlike produkt makke. De staveringslessen binne ek neffens in fêst stramyn opboud. De les begjint mei in doel en it oanbieden fan de regels dy't fan tapassing binne. Dêrnei jout de learkrêft in yntroduksje. Yn de yntroduksje wurdt oan de hân fan foarbyldwurden en sinnen tawurke nei it skriuwen fan in kapstokwurd: in wurd dat de regel represintearret. It kapstokwurd helpt de learling de regel better te ûnthâlden en ta passen.

De yntroduksje is opboud neffens it fiif-stappenplan:

1. Ik harkje nei it wurd en sis it wurd nei.
2. Ik diel it wurd op yn klanken of wurdlidden.
3. Hear ik wat bysûnders? Hokker ôfspraak heart dêr by?
4. Ik skriuw it wurd.
5. Ik kontrolearje it wurd. Ha ik it goed skreaun?

Nei de yntroduksje folget in startdiktee mei wurden dy't by de regels hearre. De neikommende opdracht (opdracht 1) is in Fryske tekst, bygelyks in ferske, gedicht of kranteberjocht. Opdracht 2 is in sykplaat. By opdracht 3 sykje learlingen sels wurden op yn boeken of tydskriften. As der gjin fysike teksten beskikber binne, kin de online ferzje fan Tsjil Magazine brûkt wurde. Dy is fergees beskikber fia: cedinonderwijs.nl/tsjil. De lêste opdracht is in ferdjipjende opdracht dy't de learlingen útdaget om nochris mei de regel(s) fan dy les oan it wurk te gean.

Ynset

De skriuwlessen en staveringslessen hawwe mienskiplik dat yn 'e titel fan de skriuwlessen deselde letters foarkomme as yn de staveringslessen behannele wurde. Hoe't de lessen ynset wurde is oan de learkrêft sels. It is mooglik om earst in staveringsles te meitsjen en dan de bypassende skriuwles, mar it kin fansels ek oarsom. It is ek mooglik om nei oanlieding fan skreaune produkten te sjen yn hokker kategory de learlingen noch in soad flaters meitsje en op basis dêrfan de staveringslessen oan te bieden.

Terminology

Yn it boekje komt sa no en dan terminology foar dy't faaks wat útlis nedich hat.

- **wurdliid** – NL: lettergreep
- **tiidwurden** – NL: werkwoorden
- **brekking** – in klankferskowing yn in wurd
- **stimleas** – stimbannen trilje net by de útspraak
- **stimhawwend** – stimbannen trilje wol by de útspraak
- **lûd** – NL: klinker
- **klank** – klank
- **twalûd** – twa lûden dy'tst yn ien azem útsprekst
- **bylûd** – NL: medeklinker
- **kapke** – it dakje op de â, ê, ô of û.

Yn de yntroduksje wurdt ûnderskied makke tusken klanken en skreaune letters of wurden. As it oer klanken giet, dan binne se oanjûn mei read en steane se tusken twa streekjes. Bygelyks: "do hearst dan /f/." As it om skreaune letters of wurden giet, steane se tusken skrapkes. Bygelyks: "dat skriuwst sa: 'skoalle'."

Regels, fonetyk en ekstra

Bij alle staveringslessen steane kaders. Yn sa'n kader steane as earste in fonetyske werjefte, in beskriuwing fan de lûden, in foarbyld fan it lûd yn it Frysk en in foarbyld fan it lûd yn it Nederlânsk of in oare taal. As twadde steane der noch ekstra regels en ynformaasje foar de learkrêft. Dizze ynformaasje kin ynset wurde om bepaalde saken te ferdúdlikjen en as ferdjipping foar de learlingen dy't dêr om freegje.

Audio

By it diktee en guon opdrachten is audio beskikber. Dat wurdt oanjûn mei in ikoantsje.

De audiofragmenten binne online te finen, op staveringsline.frl.

Of brûk dizze QR-koade:



Les 1 • ij

Yn dizze les leare de learlingen wannear't sy yn it Frysk ij skriuwe moatte.

Regel:

Wurden mei ij moatt út 'e holle leare.
(kapstokwurd: bij)

Tarieding:

- Soargje derfoar dat de lûdsfragminten foar de learlingen klearstean. Kinst de sinnen sels ek foarlêze.
- Lis Fryske boeken en/of tydskriften klear foar opdracht 3.

Weromkeppeling:

Yn it foarige boekje ha de learlingen leard oer de y, ii, aai, ai, ue, â, ê, ô en de ei. Kapstokwurden dêrby wiene 'knyn', 'bile', 'taksy', 'priis', 'tiger', 'aai', 'laitsje', 'temperatuer', 'wrâld', 'hân', 'bôle', 'bêd' en 'ein'. Kies in oantal kapstokwurden út en freegje de learlingen nei de regels dy't dêrby hearre.

Yntroduksje:

Nim mei de learlingen de nije regel troch.

Lês de folgjende sin foar oan de learlingen:
"Der sitte trije bijen yn myn drinken."

Freegje de learlingen oft sy yn 'e sin wurden hearre dy't in in /ɛ.ɪ/ hawwe. Fertel de learlingen datst wurden mei 'ei' en 'ij' út 'e holle leare moattst. Yn tsjinstelling ta de 'ei' wurdt de 'ij' itselde útsprutsen yn de ferskillende dialekten. Foar dit lûd is it wichtich om in soad te oefnen mei skriuwen en lêzen. Skriuw it wurd 'trije' op it boerd en sprek it dúdlik út. Lit de learlingen it wurd neisizze.

Regels, fonetyk en ekstra

fonetysk	lûd	foarbyld Frysk	voorbeeld Nederlands
ɛ.ɪ	ij	frij	vrij

De wurden 'hy', 'sy', 'wy', 'my', 'dy' en 'by' hawwe yn it Klaaifrysk de útspraak /ɛ.ɪ/ mar wurde by foarkar skreaun mei in 'y'.

Sprek no it wurd 'bij' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se? Lit de learlingen no it wurd 'bij' opskriuwe yn it wurkboek. Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Diktee:

1. Wy ha moarn de hiele dei **frij**.
(skriuw op: frij)
2. Pak my dan, kinst my dochs net **krije**!
(skriuw op: krije)
3. It wyfke fan in ljip neame wy in **sijke**.
(skriuw op: sijke)
4. Us buorman hat twa hûnen: in Dútske herder en in Fryske **stabij**.
(skriuw op: stabij)
5. Wêrom moat ik hieltyd **opnij** al dy wurden opskriuwe?
(skriuw op: opnij)

Opdracht 1:

De learlingen harkje nei it fragmint fan it gedicht 'Ealjebij'. In audioferzje kinst fine op de webside. Lit de learlingen de ûntbrekkende wurden yn it wurkboek opskriuwe. Bepraat mei de learlingen dat yn it Klaaifrysk de 'y' yn koarte foarnamwurden en bywurden (lykas 'hy', 'sy', 'wy' en 'by') ek útsprutsen wurde as /ɛ.i/, mar dat dêr in 'y' skreaun wurde moat.

► Antwurden Ealjebij

Kom der by, (1 **bij**).
Fiel dy (2 **frij**), (1 **bij**).
Ien, twa, (3 **trije**),
't kin wat (4 **lije**).
No net (5 **swije**),
'k sil dy (6 **mije**).
It sil swiete blomkes (7 **snije**).
Yn 'e (8 **lijte**)
komst by my.
Fiel dy (2 **frij**), (1 **bij**),
kom der by.

**By hokker wurden yn de tekst hearst in 'ij',
mar skriuwst in 'y'?**
by, dy, my

Opdracht 2:

De learlingen sykje yn de sykplaat wurden mei in 'ij'. Foar ekstra stipe kinne se nei de anagrammen sjen. Mochten se der net útkomme, dan kinne se ek noch harkje nei it lûdsfragmint op de webside.

► Antwurden

1. kij
2. nijs
3. trije
4. snije
5. swije
6. brij
7. skilderij

Opdracht 3:

Soargje derfoar dat der Fryske boeken en/of tydskriften klearlizze. Lit de learlingen yn twa- of trijetallen gearwurkje. Stimulearje de learlingen om oare wurden te sykjen as yn de oare opdrachten. De wurden skriuwe se op yn it wurkboek. As se it Nederlânske wurd net witte, lit se dat dan opsykje yn it wurdboek of op **frysker.nl**.

Opdracht 4:

De learlingen lêze it ferhaal oer de Rozenkruisers. In audioferzje kinst fine op de webside. Healwei it ferhaal krije de learlingen de opdracht om de koade te ûntsiferjen mei help fan it geheimskrift fan de Rozenkruisers.

► Antwoord

"Trije famkes wurde de nije bewakers fan de geheime roas."

Lês dan de folgjende sin foar:

"By ús op skoalle binne alle doarren opnij ferve."

Freegje de learlingen oft se yn de sin wurden hearre dy't brekking fan it 'oa'-lûd hawwe. De brutsen 'oa' klinkt as /**ɔa**/. Skriuw op it boerd it wurd 'skoalle' as foarbyld en sprek it dúdlik út. Lit de learlingen it wurd neisizze. Fertel dat nei it brutsen 'oa'-lûd /**ɔa**/ twa bylûden komme.

Hoefolle 'l'-en moatte der dan skreaun wurde yn it wurd 'skoalle'? Sprech no it wurd 'doarren' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se? Hoefolle 'r'-en moatte der yn it wurd? Lit de learlingen no it wurd 'doarren' opskriuwe yn it wurkboek. Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Diktee:

Begjin mei it diktee. Lit alle learlingen de wurden opskriuwe yn it wurkboek. Lit de learlingen ek omsirkelje om hokker regel it giet.

1. Sjoukje sjongt yn in **koar**.
(skriuw op: koar)
2. De sleat is hielendal grien fan it **einekroas**.
(skriuw op: einekroas)
3. Myn omke is **piloat** by it leger.
(skriuw op: piloat)
4. Troch de grutte **stoarm** is der in beam omwaaid.
(skriuw op: stoarm)
5. Dy frou mei de ketting is de **boargemaster**.
(skriuw op: boargemaster)

Opdracht 1:

Dizze opdracht dochst klassikaal. Lit it audio-fragment by it ferske 'Skroat' fan Steyn Land op de webside hearre of lêse de tekst foar. Lit de learlingen meilêze. De learlingen hoege noch neat yn te foljen. Lit it fragment in twadde kear hearre mei de opdracht om de wurden yn te foljen. As it te hurd giet, kinst derfoar kieze om it fragment nochris ôf te spyljen of nochris foar te lêzen.

► Antwurden Skroat fan Steyn Land

1. foar
2. doar
3. kantoar
4. oardel
5. boat
6. skroat

Opdracht 2:

De learlingen sykje yn de sykplaat wurden mei 'oa'. Foar ekstra stipe kinne se nei de anagrammen sjen. Mochten se der net útkomme, dan kinne se ek noch harkje nei it lûdsfragment op de webside.

► Antwurden

- | | |
|-----------|-----------|
| 1. moanne | |
| 2. boar | 4. foarke |
| 3. noard | 5. hoanne |
| | 6. roas |

Opdracht 3:

Soargje derfoar dat der Fryske boeken en/of tydskriften klearlizze. Lit de learlingen yn twa- of trijetallen gearwurkje. Stimulearje de learlingen om oare wurden te sykjen as yn de oare opdrachten. De wurden skriuwe se op yn harren wurkboek. As se it Nederlânske wurd net witte, lit se dat dan opsykje yn in wurdboek of op frysker.nl.

Opdracht 4:

De learlingen sjogge in âlde Nokia telefoan. Fertel dat de mobile telefoans frøeger noch gjin touchscreen hiene lykas no, mar dat de telefoan meardere knoppen hie. Om in bepaalde letter te krijen, moastest dan faker op deselde knop drukke. Ast bygelyks in 'b' type woest, moastest twa kear op de twa drukke. Neist de telefoan stiet de koade fan in oantal wurden mei 'oa'. De bern moatte besykje om de goede wurden te finen. Dêr ha se it plaatsje fan de telefoan by nedich. Tink derom: de 0 is in spaasje.

► Antwurden

- | | |
|--------------|---------------|
| 1. snoad | |
| 2. boartsje | 4. oargel |
| 3. oan board | 5. skoarstien |

Les 3 • oe en uo

Yn dizze les leare de learlingen wannear't sy yn it Frysk oe en uo skriuwe moatte.

Regels:

- Ast de twa klanken **û** en **u** achterelkoar hearst, dan skriuwst **oe**.
(kapstokwurd: **foet**)
- Ast de twa klanken **û** en **o** achterelkoar hearst, dan skriuwst **uo**.
(kapstokwurd: **muorre**)

Tarieding:

- Soargje derfoar dat de lûdsfragminten foar de learlingen klearstean. Kinst de sinnen sels ek foarlêze.
- Lis Fryske boeken en/of tydskriften klear foar opdracht 3.

Weromkeppeling:

Sjoch werom nei de foarige les. Besjoch noch in kear it plaatsje by opdracht 2. Neam de wurden dy't de learlingen fûn hawwe. Freegje nei de regel dy't dêrby heart.

Yntroduksje:

Nim mei de learlingen de nije regels troch.

De 'oe' klinkt yn it Frysk soms as in twalûd. Do hearst in 'û' en in 'u'. De klank is lang, sa as by it wurd 'boer' en net koart, lykas by 'boek'. Sprek de Fryske 'oe' rêstich út en lit de learlingen goed lústerje. De 'uo' is ek in twalûd. Do hearst de 'û' en de 'o'. Sprek it twalûd rêstich út en lit de learlingen goed lústerje.

Lês de folgjende sin foar oan de learlingen:
"Myn broerke hat bloed oan syn foet."

Freegje de learlingen oft sy yn de sin wurden hearre dy't in /u.e/-lûd hawwe. De 'oe' is in twalûd. Skriuw op it boerd it wurd 'bloed' as foarbyld en sprek it dúdlik út. Lit de learlingen it wurd neisizze.

Sprek no it wurd 'foet' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se?

Regels, fonetyk en ekstra

fonetysk	lûd	foarbyld Frysk	voorbeeld Nederlands
u.e	De û (fan hûn) mei de e (fan de)	foet	boer
uo	De û (fan hûn) mei de o (fan sok)	skuon	-

Brekking ûntstiet meastal by ien fan ûndersteande gefallen.

gjin brekking /u.e/	wol brekking /uo/	foarbyld
foet	fuotten	meartal
boerd	buordsje	ferlytsingswurd
foer	fuorje	ôflieding
foet	fuotbal	gearstalling

- It drege oan brekking is dat it gjin regelmjittich proses is. By 'buordsje' is der bygelyks wol brekking, by 'boerke' net.
- Der binne wurden mei 'uo' dy't net in foarm mei 'oe' hawwe - bygelyks 'skuorre'.
- Yn de Súdwesthoeke fan Fryslân wurdt de brutsen 'uo' yn guon gefallen útsprutsen as /ö/ (de 'u' fan 'put'), bygelyks yn 'skuon': /skönn/.
- By de /uo/ is net in fergelykber lûd te finen yn in oare taal. Harkje nei de lûdsfragminten op de webside om te hearren hoe't dat lûd klinkt.

Meitsje de ferliking mei it Nederlânske wurd 'voet'. Dêr skriuwst in 'v' oan it begjin en hearst in koarte /u/. Yn it Frysk skriuwst in 'f' oan it begjin en hearst it twalûd /u.e/. Lit de learlingen no it wurd 'foet' opskriuwe. Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Doch itselde mei de sin:

"Hy skopt de bal tsjin 'e muorre fan 'e skuorre."

Freegje de learlingen oft sy wurden hearre mei de /uo/ en hokker wurden dat binne. Skriuw op it boerd it wurd 'skuorre' as foarbyld en sprek

it dúdlik út. Lit de learlingen it wurd neisizze. Freegje de learlingen hokker klanken sy allegear hearre yn it wurd 'skuorre'. Yn it twadde wurdlied hearst in 'stomme e'. Fertel dat nei de /**uo**/ twa bylûden komme as it wurd yn it folgjende wurdlied in 'stom lûd' hat.

Hoefolle wurdliiden hat it wurd 'skuorre'? (twa)
Hoefolle 'r'-en moatte der dan skreaun wurde?

Diktee:

Begjin mei it diktee. Lit alle learlingen de wurden opskriuwe yn it wurkboek. Lit de learlingen ek omsirkelje om hokker regel it giet (foet = it twalûd /**u.e**/, of muorre = it twalûd /**uo**/ mei twa bylûden nei it twalûd).

1. De **guozzen** fleane oer it lân.
(skriuw op: guozzen)
2. Komt dat wol **goed**?
(skriuw op: goed)
3. Fan sa'n ein rinnen krij ik seare **fuotten**.
(skriuw op: fuotten)
4. Dy tsjerke hat in hiele hege **toer**.
(skriuw op: toer)
5. Op 'e **buorkerij** is de boer oan it wurk.
(skriuw op: buorkerij)

Opdracht 1:

Dizze opdracht dochst klassikaal. Lit de tekst hearre fia it audiofragmint op de webside of lêse de tekst foar. Lit de learlingen meilêze. De learlingen hoege noch neat yn te foljen. Lit it fragmint in twadde kear hearre mei de opdracht om de wurden yn te foljen. As it te hurd giet, kin de learkrêft derfoar kieze om it fragmint nochris ôf te spyljen of nochris foar te lêzen. Besprek de antwurden klassikaal.

► Antwurden

- | | |
|------------|-----------|
| 1. skuon | 6. foet |
| 2. skuon | 7. skuon |
| 3. skuon | 8. skoech |
| 4. fuotten | 9. skoech |
| 5. skoech | |

Sprek no it wurd 'muorre' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se? Lit de learlingen no it wurd 'muorre' opskriuwe yn it wurkboek. Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Opdracht 2:

De learlingen sykje yn de sykplaat wurden mei 'oe' of 'uo'. Foar ekstra stipe kinne se nei de anagrammen sjen. Mochten se der net útkomme, dan kinne se ek noch harkje nei it lûdsfragmint op de webside.

► Antwurden

1. fuotten
2. skuon
3. huodsje
4. muorre
5. skuorre

Opdracht 3:

Soargje derfoar dat der Fryske boeken en/of tydskriften klearlizze. Lit de learlingen yn twa- of trijetallen gearwurkje. Stimulearje de learlingen om oare wurden te sykjen as yn de oare opdrachten. De wurden skriuwe se op yn it wurkboek. As se it Nederlânske wurd net witte, lit se dat dan opsykje yn in wurdboek of op [frysker.nl](https://www.frysker.nl).

Opdracht 4:

De learlingen besjogge de emoji's. Wat wurdt der ferteld? Yn alle ferhaaltsjes komt yn elk gefal ien wurd mei 'oe' of 'uo' foar. As de learlingen it dreech fine, lit se dan earst beneame wat de plaatsjes foarstelle.

Oplossingen binne bygelyks:

- Ik ha moaie nije skuon. Ik kin der hurd mei drave en win de priis!
- Twa guozzen hawwe in nêst mei trije aaien. Dêr komme trije pykjes út.
- Ik stomp myn foet oan 'e stoel. Ik ha bloed en moat gûle.
- Ik skop de bal tsjin 'e muorre. Ik skrik! De bal giet tsjin it rût. Buorman is lilik. Ik draaf fuort.



Eigen kreativiteit fan de learlingen is fansels ek goed, salang't se mar minimaal ien wurd mei 'oe' of 'uo' brûke.

Les 4 • ie

Yn dizze les leare de learlingen wannear't sy yn it Frysk ie skriuwe moatte.

Regels:

- Ast de twa klanken **y** en **u** achterelkoar hearst, dan skriuwst **ie**.
(kapstokwurd: **kastiel**)
- Ast **ji** hearst nei brekking fan **ie**, dan skriuwst **ie**.
(kapstokwurd: **stiennen**)

Tarieding:

- Soargje derfoar dat de lûdsfragminten foar de learlingen klearstean. Kinst de sinnen sels ek foarlêze.
- Lis Fryske boeken en/of tydskriften klear foar opdracht 3.

Weromkeppeling:

Sjoch werom nei de foarige les. Besjoch noch in kear it plaatsje by opdracht 2. Neam de wurden dy't de learlingen fûn hawwe. Freegje nei de regel dy't dêrby heart.

Yntroduksje:

Nim mei de learlingen de nije regels troch.

De 'ie' klinkt yn it Frysk as twalûd. Do hearst in 'y' en in 'u'. De klank is lang, sa as by it wurd 'liet', en net koart, sa as yn it Nederlânske wurd 'niet'. Yn it Frysk skriuwe wy de koarte klank /i/ as 'y' yn 'knyn' en as 'i' yn 'bile' (Sjoch eardere staveringslessen). Sprek de Fryske 'ie' rêstich út en lit de learlingen lústerje.

Lês de folgjende sin foar oan de learlingen:
"It personiel fan it kastiel is al hûndert jier yn sliep."

Freegje de learlingen oft sy yn 'e sin wurden hearre dy't in /i.ə/-lûd hawwe. De /i.ə/ is in twalûd. Skriuw op it boerd it wurd 'sliep' as foarbyld en sprek it dúdlik út. Lit de learlingen it wurd neisizze.

Sprek no it wurd 'kastiel' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se?

Regels, fonetyk en ekstra

fonetysk	lûd	foarbyld Frysk	voorbeeld Nederlands
i.ə	De y (fan fyts) mei de e (fan de)	stien	bier
ji	ji	trieden	Jip

Brekking ûntstiet meastal by ien fan ûndersteande gefallen.

gjin brekking /i.ə/	wol brekking /ji/	foarbyld
stien	stiennen	meartal
sied	siedsje	ferlytsingswurd
fier	fierder	ôflieding
stien	stienbok	gearstalling

It drege oan brekking is dat it gjin regelmjittich proses is. By 'hierren' is der bygelyks wol brekking, mar by 'mieren' net.

Lit de learlingen no it wurd 'kastiel' opskriuwe yn it wurkboek. Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Lês dan de folgjende sin foar:
"Der leit skieppetront tusken de stiennen."

Freegje de learlingen oft sy yn de sin wurden hearre dy't klike as /ji/. Skriuw op it boerd it wurd 'skieppetront' as foarbyld en sprek it dúdlik út. Lit de learlingen it wurd neisizze. Fertel dat nei it brutsen ie-lûd (/ji/) twa bylûden komme. Hoefolle p's moatte der dan skreaun wurde yn it wurd 'skieppetront'?

Sprek no it wurd 'stiennen' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se? Lit de learlingen no it wurd 'stiennen' opskriuwe. Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Diktee:

Begjin mei it diktee. Lit alle learlingen de wurden opskriuwe yn it wurkboek. Lit de learlingen ek omsirkelje om hokker regel it giet (kastiel = it twalûd sûnder brekking dat klinkt as /i.ə/ of stiennen = it twalûd mei brekking dat klinkt as /ji/, mei twa bylûden nei it twalûd).

1. Sy hat **blierren** op 'e hannen.
(skriuw op: blierren)
2. Finne sjongt in prachtich **liet**.
(skriuw op: liet)
3. Emma sit al **jierren** op fuotbal.
(skriuw op: jierren)
4. Joris docht him sear en hat **fertriet**.
(skriuw op: fertriet)
5. As it reint wurdsto **wiet**.
(skriuw op: wiet)

Opdracht 1:

Dizze opdracht dochst klassikaal. Lit it audio-fragmint by it ferske (fragmint 1) op de webside hearre of lêse de tekst foar. Lit de learlingen meilêze. De learlingen hoege noch neat yn te foljen. Lit it fragmint in twadde kear hearre mei de opdracht om de wurden yn te foljen. As it te hurd giet, kinst derfoar kieze om it fragmint nochris ôf te spyljen of nochris foar te lêzen.

Doch dan itselde foar de sinnen 5 o/m 8 (fragmint 2).

Besprek de antwurden klassikaal.

► Antwurden

- | | |
|------------|-------------|
| 1. fertier | 5. stiennen |
| 2. jier | 6. triennen |
| 3. kertier | 7. kiezzen |
| 4. spier | 8. jierren |

Opdracht 2:

De learlingen sykje yn it plaatsje fiif wurden mei 'ie' sûnder brekking en mei brekking. Foar ekstra stipe kinne se nei de anagrammen sjen. Mochten de learlingen der net útkomme, dan kinne se ek noch harkje nei it lûdsfragmint op de webside.

► Antwurden

1. juwiel
2. tsien
3. kiezzen
4. skiep
5. triedden

Opdracht 3:

Soargje derfoar dat der Fryske boeken en/of tydskriften klearlizze. Lit de learlingen yn twa- of trijetallen gearwurkje. Stimulearje de learlingen om oare wurden te sykjen as yn de oare opdrachten. De wurden skriuwe se op yn it wurkboek. As se it Nederlânske wurd net witte, lit se dat dan opsykje yn in wurdboek of op frysker.nl.

Opdracht 4:

De learlingen besjogge de plaatsjes en kleurje de plaatsjes fan de wurden mei 'ie'. De wurden binne: sinnestriel, stiennen, skiep, griente, kastiel. De learlingen skriuwe ek de wurden op dy't rymje: sinnestriel en kastiel. Mei dy twa wurden betinke se sels noch in sin en skriuwe dy op.

Les 5 • ea

Yn dizze les leare de learlingen wannear't sy yn it Frysk ea skriuwe moatte.

Regels:

- Ast de twa klanken *i* en *u* achterelkoar hearst, dan skriuwst **ea**.
(kapstokwurd: **keal**)
- Ast **jè** hearst nei brekking fan ea, dan skriuwst **ea**.
(kapstokwurd: **beammen**)

Tarieding:

- Soargje derfoar dat de lûdsfragminten foar de learlingen klearstean. Kinst de sinnen sels ek foarlêze.
- Lis Fryske boeken en/of tydskriften klear foar opdracht 3.

Weromkeppeling:

Sjoch werom nei de foarige les. Besjoch noch in kear it plaatsje by opdracht 2. Neam de wurden dy't de learlingen fûn hawwe. Freegje nei de regel dy't dêrby heart.

Yntroduksje:

Nim mei de learlingen de nije regels troch.

De 'ea' fan 'keal' klinkt as /i.ə/. Sûnder brekking hearst in 'i' en in 'u'. Sprek de Fryske 'ea' rêstich út en lit de learlingen goed lústerje. De 'ea' kin ek brekking hawwe. Do hearst dan /jɛ/. Sprek it twalûd rêstich út en lit de learlingen goed lústerje.

Lês de folgjende sin foar oan de learlingen:
"De grutte beam waard yn 'e winter keal."

Freegje de learlingen oft se yn de sin wurden hearre dy't in /i.ə/-lûd hawwe. De 'ea' is in twalûd. Skriuw op it boerd it wurd 'beam' as foarbyld en sprek it dúdlik út. Lit de learlingen it wurd neisizze.

Sprek no it wurd 'keal' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se?

Regels, fonetyk en ekstra

fonetysk	lûd	foarbyld Frysk	voorbeeld Nederlands
i.ə	De i (fan hin) mei de e (fan de)	beam	beer
jɛ	jè	beammen	yes (Ingelsk)

Brekking ûntstiet meastal by ien fan ûndersteande gefallen.

gjin brekking /i.ə/	wol brekking /jɛ/	foarbyld
beam	beammen	meartal
sleat	sleatsje	ferlytsingswurd
heal	healwei	ôflieding
sleat	sleatswâl	gearstalling

- It drege oan brekking is dat it gjin regelmjittich proses is. By 'beammen' is der bygelyks wol brekking, mar by 'dreamen' net.
- Der is in Frysk dialekt wêryn't de 'ea' yn guon gefallen útsprutsen wurdt as /ɛ:/ (fan bêd). Lykas yn 'neaken': /nɛ:knj/.
- As in wurd ien bylûd hat nei de ea, dan krijt de ea gjin brekking. Foarbylden: 'dreame', 'keare'.

Lit de learlingen no it wurd 'keal' opskriuwe. Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Lês dan de folgjende sin foar:

"De swart-wite fearren fan de ekster binne heech yn de beammen te sjen."

Freegje de learlingen oft se yn de sin wurden hearre dy't brekking fan it 'ea'-lûd hawwe. De brutsen 'ea' klinkt as /jɛ/. Skriuw op it boerd it wurd 'fearren' as foarbyld en sprek it dúdlik út. Lit de learlingen it wurd neisizze. Fertel dat nei it brutsen 'ea'-lûd (/jɛ/) twa bylûden komme. Hoefolle 'r' -en moatte der dan skreaun wurde yn it wurd 'fearren'?

Spreek no it wurd 'beammen' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se?

Lit de learlingen no it wurd 'beammen' opskriuwe yn it wurkboek. Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Diktee:

Begjin mei it diktee. Lit alle learlingen de wurden opskriuwe yn it wurkboek. Lit de learlingen ek omsirkelje om hokker regel it giet (peal = it twalûd sûnder brekking dat klinkt as /i.ə/, of beammen = it twalûd mei brekking dat klinkt as /jɛ/, mei twa bylûden nei it twalûd).

1. It ljocht stiet op **read**.
(skriuw op: read)
2. De jonge **keallen** rinne yn it hok.
(skriuw op: keallen)
3. Hidde wennet op in **pleats**.
(skriuw op: pleats)
4. De **sleatten** lizze fol mei einekroas.
(skriuw op: sleatten)
5. De **tean** kaam troch it gat yn de sok.
(skriuw op: tean)

Opdracht 1:

Dizze opdracht dochst klassikaal. Lit it fragmint út it boek 'De rôf fan de Fryske mummy' hearre fia it audiofragmint op de webside of lêse de tekst foar. Lit de learlingen meilêze. De learlingen hoege de earste kear allinne mar te lústerjen en stekke de hân op as se in wurd mei /i.ə/ of /jɛ/ hearre.

Lit it fragmint in twadde kear hearre. Lit de learlingen alle wurden mei 'ea' yn de tekst kleurje. Lit se de wurden foarlêze dy't se fûn hawwe.

Lústerje noch in kear nei it fragmint of lêse it nochris foar. Hearre de learlingen alle wurden dy't se kleure hawwe? Yn de tekst steane wurden mei in 'ea'-lûd sûnder en mei brekking. Hawwe de learlingen it ferskil heard? Lit se de wurden útsprekke en de wurden mei brekking opskriuwe (de wurden mei brekking binne: **earder, produsearret**).

Witte se wat alle wurden betsjutte of kinne se dat betinke? Brûk eventueel www.frysker.nl om it wurd op te sykjen.

It boek 'De rôf fan de Fryske mummy' fan Jorrit de Klerk is der ek yn it Nederlânsk: 'De Friese mummieroof'.

...
No klinkt 'tante Keet' miskien gesellich en leuk, mar dat is se beslist net. **Earder** sweverich. Se draacht opfallende kombinaasjes fan âlde **klean** dy't se yn omminkels **keapet**. Sorry: vintage **klean**. Miskien is se dêrom ek noait troud.
...

De moarns dat heit en mem fuort giene, helle tante Keet my op. Ik ha myn âlden noch in **kear** hiel lik oansjoen en doe rieden wy mei tante Keet har âlde **reade** Volvo rjochting Fryslân. Dy auto makket sa'n gigantyske herry dat elk libben wêzen der in hertfersakking fan krijt. Ek **produsearret** de auto mear loftfersmoarging as

tsien frachtweinen. En dat wylst myn tante it miljeu hiel belangryk fynt. Apart.

Wy rieden út Den Haach wei oer de sneldyk troch Súd- en Noard-Hollân en stutsen de Ofslútdyk oer nei Fryslân. Dêrnei rieden wy lâns **einleaze** greiden fol kij (dy't hertfersakkingen krigen), wynmolens en **pleatsen**. Stêden wiene der net. Allinnich doarpkens mei tsjerketuorren. Doe draaiden wy in dykje yn dat net **meat** wie as in rige betonplaten tusken it hege gers fan in greide. Oan 'e ein wie in **pleats**. Dêromhinne stiene in **pear** tinten en caravans. It like eins net iens op in camping. Myn freeslike fakânsje wie begûn.

► Antwurden

ea sûnder brekking (as yn 'keal')	ea mei brekking (as yn 'beammen')
klean	earder
keapet	produssearret
klean	
klear	
reade	
einleaze	
pleatsen	
mear	
pleats	
pear	

Opdracht 2:

De learlingen sykje yn it plaatsje fiif wurden mei 'ea' sûnder brekking en mei brekking. Foar ekstra stipe kinne se nei de anagrammen sjen. Mochten se der net útkomme, dan kinne se ek noch harkje nei it lûdsfragmint op de webside.

► Antwurden

1. peallen
2. beam
3. sleat
4. each
5. earrebarre

Opdracht 3:

Soargje derfoar dat der Fryske boeken en/of tydskriften klearlizze. Lit de learlingen yn twa- of trijetallen gearwurkje. Stimulearje de learlingen om oare wurden te sykjen as yn de oare opdrachten. De wurden skriuwe se op yn harren wurkboek. As se it Nederlânske wurd net witte, lit se dat dan opsykje yn in wurdboek of op frysker.nl.

Opdracht 4:

De learlingen besjogge de sykplaat en skriuwe wurden op mei 'ea'. Foar stipe steane der al 20 Nederlânske wurden by de plaat. Al dy wurden hawwe yn it Frysk de 'ea', al of net mei brekking. De learlingen meie sels ek noch mear wurden betinke dy't by de plaat passe.

► Antwurden

oogarts	- eachdokter
oor	- ear
horen	- hearre
gebroken arm	- brutsen earm
masseren	- massearje
wachtkamer	- wachtkeamer
blote armen	- bleate earmen
kleren	- kleen
bomen	- beammen
ziekenzaal	- sikeseal
stilstaan	- stilsteane
dat doet pijn	- dat docht sear
doodsbang	- deabenaud
tenen	- teannen
dromen	- dreame
protesteren	- protestearje
elleboog	- earmtakke
liefde	- leafde
kaal hoofd	- keale holle
troosten	- treaste

Les 6 • oai

Yn dizze les leare de learlingen wannear't sy yn it Frysk oai skriuwe moatte.

Regel:

Ast yn in Frysk wurd de Nederlânske klank ooi hearst, skriuwst **oai**.
(kapstokwurd: koai)

Tarieding:

- Soargje derfoar dat de lûdsfragminten foar de learlingen klearstean. Kinst de sinnen sels ek foarlêze.
- Lis Fryske boeken en/of tydskriften klear foar opdracht 3.

Weromkeppeling:

Sjoch werom nei de foarige les. Besjoch noch in kear it plaatsje by opdracht 2. Neam de wurden dy't de learlingen fûn hawwe. Freegje nei de regel dy't dêrby heart.

Yntroduksje:

Nim mei de learlingen de nije regel troch.

Spreek de 'oai' rêstich út en lit de learlingen goed lústerje.

Lês de folgjende sin foar:
"Ik fyn dy koai wol hiel moai."

Freegje de learlingen oft sy yn de sin wurden hearre dy't in /o:ɪ/-lûd hawwe en hokker wurden dat binne. Skriuw it wurd 'moai' op it boerd as foarbyld en sprek dat dúdlik út. Sprek no it wurd 'koai' dúdlik út. De learlingen sizze it wurd nei. Watfoar klanken hearre se?

Lit de learlingen no it wurd 'koai' opskriuwe yn it wurkboek. Skriuw it wurd op it boerd en lit de learlingen harren wurd neisjen en eventueel ferbetterje.

Regels, fonetyk en ekstra

fonetysk	lûd	foarbyld Frysk	voorbeeld Nederlands
o:ɪ	as it Nederlânske 'ooi'	moai	mooi

- It Frysk hat ek in oantal wurden dy't yn it Nederlânsk net 'ooi' hawwe, lykas 'loai' dat 'lui' betsjut.
- De 'oai' kin ek brekking krije. Dan sprekst him út as /ʋa.i/. Dat komt bygelyks foar yn it wurd 'moaist' /mʏa.ɪst/. De útspraak is net te fergelykjen mei in Nederlânsk lûd, mar soe omskreaun wurde kinne as 'wai'.

Diktee:

Begjin mei it diktee. Lit alle learlingen de wurden opskriuwe yn it wurkboek. Alle kearen giet it om de regel dy't heart by it wurd 'koai'.

1. De tiger sjocht in **proai**.
(skriuw op: proai)
2. Hy hat in **moaie** broek oan.
(skriuw op: moaie)
3. Wat in **rotsoai**!
(skriuw op: rotsoai)
4. Ik jou de ober in **foai**.
(skriuw op: foai)
5. Sille wy mei de bal **goaie**?
(skriuw op: goaie)

Opdracht 1:

Dizze opdracht dochst klassikaal. Lês de tekst fan it ferhaal foar of lit it audiofragmint by dizze opdracht hearre. It audiofragmint is te finen op de webside. Lit de learlingen lústerje en lette op de klank /o:ɪ/ as yn 'koai'. Lit it ferhaal in twadde kear hearre. Lit de learlingen meilêze en de missende wurden ynfolje. Der binne mear wurden mei 'oai', lit se alle wurden mei 'oai' kleurje. Lit de wurden dy't se fûn hawwe foarlêze.

► Antwurden Moaiprater

1. moai
2. koai
3. toai
4. hoai ('hoai en troai' = immen goed fersoargje)
5. roaie
6. koai

Opdracht 2:

De learlingen sykje yn de sykplaat wurden mei 'oai'. Foar ekstra stipe kinne se nei de anagrammen sjen. Mochten se der net útkomme, dan kinne se ek noch harkje nei it lûdsfragmint op de webside.

► Antwurden

1. koai
2. moai
3. oait
4. rotsoai
5. goaie

Opdracht 3:

Soargje derfoar dat der Fryske boeken en/of tydskriften klearlizze. Lit de learlingen yn twa- of trijetallen gearwurkje. Stimulearje de learlingen om oare wurden te sykjen as yn de oare opdrachten. De wurden skriuwe se op yn it wurkboek. As se it Nederlânske wurd net witte, lit se dat dan opsykje yn in wurdboek of op frysker.nl.

Opdracht 4:

De learlingen sykje de tsien wurden yn de puzel op en streekje se troch. As se dêrmei klear binne, betinke se in sin mei ien fan de wurden.

HANDLEIDING



bij staveringsline
WURKBOEK 3

Algemene handleiding en verantwoording

Visie

Het aanleren van spellingsregels is niet een doel op zich. Goed kunnen spellen is één van de vaardigheden die kunnen helpen bij het schrijven van (goede) teksten. De spellingsregels kennen, staat niet gelijk aan het kunnen schrijven van een goede tekst. Het uiteindelijke doel is om kwalitatief goede Friese teksten te kunnen schrijven. Daarom is er gekozen voor een boekje met aan de ene kant Skriuwlessen (het doel) en aan de andere kant Staveringslessen (de theorie, de vaardigheid).

Opbouw

De schrijfflessen zijn opgebouwd volgens een stappenplan. Dit stappenplan geeft houvast om tot het uiteindelijke product te komen. Stap één bestaat uit het verzamelen en opschrijven van de gedachten. In stap twee wordt een keuze gemaakt uit alles wat opgeschreven is bij de eerste stap en in de derde stap wordt het uiteindelijke product gemaakt. De spellingslessen zijn ook volgens een vast stramien opgebouwd. De les begint met een doel en het aanbieden van de regels die van toepassing zijn. Daarna geeft de leerkracht een introductie. In de introductie wordt aan de hand van voorbeeldwoorden en zinnen toegewerkt naar het schrijven van een kapstokwoord: een woord dat de regel representeert. Het kapstokwoord helpt de leerling de regel beter te onthouden en toe te passen.

De introductie is opgebouwd volgens het vijf-stappenplan:

1. Ik luister naar het woord en zeg het woord na.
2. Ik deel het woord op in klanken of lettergrepen.
3. Hoor ik iets bijzonders? Welke afspraak hoort daarbij?
4. Ik schrijf het woord.
5. Ik controleer het woord. Heb ik het goed geschreven?

Na de introductie volgt een startdictée met woorden die bij de regels horen. De volgende opdracht (opdracht 1) is een Friese tekst, bijvoorbeeld een liedje, gedicht of krantenbericht. Opdracht 2 is een zoekplaat. Bij opdracht 3 zoeken leerlingen zelf woorden op in boeken of tijdschriften. Als er geen fysieke teksten beschikbaar zijn, kan de onlineversie van Tsjil Magazine gebruikt worden. Deze is gratis verkrijgbaar via: cedinonderwijs.nl/tsjil. De laatste opdracht is een verdiepende opdracht die de leerlingen uitdaagt om nog eens met de regel(s) van deze les aan het werk te gaan.

Inzet

De schrijfflessen en spellingslessen hebben gemeen dat in de titel van de schrijfflessen dezelfde letters voorkomen als in de spellingslessen worden behandeld. Hoe de lessen ingezet worden is aan de leerkracht zelf. Het is mogelijk om eerst een spellingsles te maken en dan de bijpassende schrijffles, maar het kan natuurlijk ook andersom. Het is ook mogelijk om naar aanleiding van geschreven producten te kijken in welke categorie de leerlingen nog veel fouten maken en op basis daarvan de spellingslessen aan te bieden.

Terminologie

In dit boekje komt zo nu en dan terminologie voor die wellicht uitleg nodig heeft. Sommige begrippen komen niet in de Nederlandse handleiding voor, maar zijn hier voor de volledigheid wel opgenomen.

- **wurdliid** – lettergreep
- **tiidwurden** – werkwoorden
- **brekking** – een klankverschuiving in een woord
- **stimleas** – stembanden trillen niet bij de uitspraak
- **stimhawwend** – stembanden trillen wel bij de uitspraak
- **lûd** – klinker
- **klank** – klank
- **twalûd** – twee klanken die je in één adem uitspreekt
- **bylûd** – medeklinker
- **kapke** – het dakje op de â, ê, ô of û.

